

## Frivoale tango

|   |    |    |    |
|---|----|----|----|
| Máxima dûnset de tango                              | A7 | Dm |    |
| mei de frivoale fjouwer stuoltsjes om 'e tafel      | D7 | Gm |    |
| sy giet fan stoel nei stoel, har eagen spatte fjoer | E7 | Am |    |
| sy smyt hiel eigen wiis de holle efteroer           | F  | B7 | E7 |
| Máxima dûnset de tango                              | Dm | Am |    |
| sy smyt de holle yn de nekke en de noas op          | A7 | Dm |    |
| sy telt fan ien oant acht en makket dan in draai    | Bb | Am |    |
| de stuoltsjes swaaie mei Máxima mei                 | B7 | E7 |    |

Máxima dûnset de tango  
sy jout in stoel in hân, sabeare is't in man no  
sy slút har eagen heal en glimket o sa swiet  
en núndert súntsjes in nuveraardich liet  
Máxima dûnset de tango  
mei de frivoale fjouwer stuoltsjes om 'e tafel  
dy steane stil en bryk te wachtsjen om 'e nocht  
as Máxima ynienen Willem Alexander sjocht

Willem Alexander hâldt net fan tango  
hy fynt sok dûnsjen heart net by in echte man, no  
al sjocht syn Máxima sa lodderich en swoel  
hy bliuwt moai sitten yn syn eigen stive stoel  
mar Máxima dûnset de tango.....